

Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper



© Foto Clasina Flapper

Clasina S. Flapper

Byldhoukeunst / portretskilderje

By it meitsjen fan keunst binne besieling en sfear foar my wichtige eleminten.

Troch der gefoel en ferskillende lagen yn te bringen, kin in ferhaal en/ of djippere betsjutting belibbe wurde.

In portret moat, njonken dat it in lykjend plaatsje is, wat fertelle oer de persoan. Dit kin ta útdrukking komme yn omjouwing, plak, tiid, kleur, emoasje ensfh.

It is oan de sjogger watfoar ferhaal sjoen en belibbe wurdt.

Clasina, ek wol Clasiën neamd, komt út Koudum. Se giet hjir nei de legere skoalle ta. Se stiet links boppe op de klassiefoto, rjochts nêst master Hielke Dijkstra. Neffens master hat Clasiën de klok wol lieden heard, mar wit se net wêr't de bingel hinget. Se is in dreamer dy't oeral op tekenet. Dat de foarleafde foar tekenjen is al betiid oanwêzich.

Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper



foto Historisch
Koudum

Yn 2009 komt Clasina Flapper mei har jongste soan Mart yn Folsgeare te wenjen. Aldste soan Fokke is dan al útflein. It pân oan'ê Tsjaerddyk op nûmmer 40 is tige by tige gaadlik foar har. It is in romme wenning en hat achter in wrytsk útsicht oer it Marlân. Wichtiger is, dat de alde smidderij tige gaadlik is as atelier.

Clasina op'e bank yn
har wenning út 1870.



LC 05-12-20
foto: Catrinus van der Veen

Clasina hat yn 1985 har oplieding MBU Aktiviteiten Begelieding ôfrûne en giet û.o. oan it wurk mei bern dy't it syndroom fan Down hawwe.

Fan 2004 – 2006 docht se de oplieding Carly Kleurtraining en dêrnei fan 2007 oant 2009 de oplieding byldzjend keunstner by Herma Bovenkerk yn Koudum.

Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper



De lju dy't slagge binne foar de byldhou oplieding. Clasina Flapper stiet op de boppeste rigel yn'e midden. Steand rjochts Herma Bovenkerk, lizzend foar Huub Mous (keunsthistoarikus)

foto: Tine Hekker

Clasina wurket mei meardere materialen lyk as klaai, brûns, stien, gips, mikste media en hout.

Klaai

Happy Down, 2004

Bern mei it syndroom fan Down dêr't Clasina mei wurket, steane bytiden model foar har.



Brûns

Fier 2009



Bird from Agartha 2013
Mikste Media

foto's Clasina Flapper

Stien (albast)

Lucht jaan oan ynspiraasje 2009



Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper



foto G Cnossen

Clasina bliuwt net thús sitten, se is regelmjittich op paad foar de keunst.

Se docht mei oan in eksposysje fan Russyske, Dútske en Nederlânske keunstners yn de Kunstkreisgalerie im Mullerhaus, Rhaudefehn, Dútslân yn 2011.

Clasina op'e keunstmerk yn 2012
Lokaasje: boartersbosk by de Hemrik

foto: G. Cnossen



Ta gelegenheid fan "Leeuwarden Culturele Hoofdstad" 2018 is der in eksposysje yn "Galery de Westerkade" mei û.o. wurk fan Clasina.

Baby Down, akryl paniel

foto Clasina Flapper

Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper

Clasina wurket mei klaai mar tekenet dus as bern al oeral op. Tekenje docht se ek yn har fak as aktiviteitenbegeliedster foar minsken mei in soad talint mei in helpfraach. As se yn 2015 Doet Boersma tsjin komt, direkteur fan Keunst Akademy Fryslân, dy't har fertelt dat der dieltiid opliedingen bestean, begjint se yn 2015 oan in nije oplieding portret skilderjen oan 'e keunstakademy yn Ljouwert.

Clasina docht begjin 2018 mei oan it projekt BrugBrêgeBridge. Dit projekt wurdt organisearre troch de Fryske Miljeu Federaasje yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân en HS2018. Fan 14 april oant ein oktober 2018 binne ûnder ferskate brêgen yn Fryslân keunstwurken te sjen. Ut de 247 ynstjoerde wurken fan meardere keunstners wurdt de ynstoering fan Clasina Flapper útkeazen foar de brêge yn Baard.

De ynstjoering fan Clasina hat as titel:

Gefleugelde mei beheining dy't besiket boppe it swiere ierdske út te stigen.



foto's Clasina Flapper

De iepen brêge yn Baard mei it doek fan Clasina Flapper



Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper

Yn 2020 rûnet Clasina de oplieding oan de Keunst Akademy Fryslân ôf mei it eineksamen wurkstik neamd: *Moeder en Kind*

Clasina fertelt:

Myn eineksamenwurk ferbyldet de sterke bân tusken mem en bern.
Tusken myn beppe en myn heit. Tusken my en myn soan.
Myn heit moast yn'e tiid fan'e polisjonele aksjes nei Ynje.
Myn soan gie in jier te 'backpacken' yn Australië.

Wat is it dat in mem sa bynt oan har bern en it sa dreech los litte kin, wylst it bern it nêst útfleant en frij wêze wol om syn eigen paad te sykjen?

Grutte ferskillen.

Mar wis ek oerienkomsten.

De ûnrêst, de noed.

De leafde, de ynmoedige bân, mar foaral it loslitten.



Moeder en kind.

De wrâld bestiet út twa dy't tegearre ien binne.



foto's Clasina Flapper

Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper

Clasina fynt it aardich om fan foto's út'e âlde doaze in skilderij te meitsjen.




Susterkes 2021
Oaljeferve op paniel
Trije suskes Flapper
Seis ruften
Trije "ferpleechsters"

foto's Clasina Flapper



Heit, 7 jier 2020
Oaljeferve op paniel

Portret: Oerol feteraan



Yn neitins oan Joop Mulder

Dorpscanon van Folsgeare

Clasina S. Flapper

Clasina hat de ôfrûne jierren in soad wurkwinkels jûn. By har thús yn Folsgeare, mar ek wol op lokaasje foar û.o. ferieningen. Gauris wie dan it tema: kleur. Mei de bertedatum as útgongspunt komme je fia in spesjaal trajekt út by in bepaalde kleur, dy't past by de persoan.

Clasina wurket, nêst har baan as ativiteitenbegeliedster, yn opdracht en foar harsels oan keunstwurken. Se makket benammen portretten. De skilderijen wurde ferkocht, mar se jout se ek wol wei oan famyljeleden of freonen by in spesjale gelegenheid.

Op de webside <https://clasinaflapper.exto.nl/> stiet wiidweidige ynformaasje oer Clasina en har wurk.

Colofon

Tekst: Atse Bruin, Wytske Heida

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

*Foto's: Clasina Flapper, G. Clossen, Tine Hekker, Catrinus van der Veen**

**Noch gjin kontakt krije kind mei de fotograaf*

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.